

**Oarder fan Tsjinst Grote Kerk Harlingen
Snein 11 april 2021 'Quasi modo geniti'
(‘als pasgeboren zuigelingen’)**

**foargonger: ds. Ulbe Tjallingii
oargelist: Bauke van der Meer
Foarsjonger: Ymieke Miedema
Vleugel: Trudy Baard**

Preludium, oargel

Wolkom

Sjonge: Psalm 118: 9

Dit is de dei fan alle dagen,
de Heare makke_ús wûndre bliid.
Och, tink om ús yn wolbehagen,
och, jou ús rêst nei stoarm en striid.
Ús wolkom moet de kening groetsje
dy't komt yn namme fan de Hear,
no't wy jim yn 'e timpel moetsje,
de wenning fan syn heil en ear.
Votum en groet

Gebed om hielheid fan 'e skepping

Glorialiet: 118: 10

De Hear is God, Hy liet ús blinke
de dage fan in nije moarn.
Hjoed wolle wy syn trou betinke,
wy drage Him ús offers oan.
Jo binn' myn God, Jo wol ik tankje,
heech giet myn jubel troch de dei.
Mei 't folk wol ik syn lof ferklankje:
syn goedens is de ein fan wei!
Gebed mei de bern

Earste Skriftlêzing: PSALM 9

Sjonge: Liet 653: 4

Jo binne_ it ljocht fan God allinne,
ús jûn ta lampe op ús wei.
Al falt de nacht – in ivige sinne
beskynt ús as by ljochtskynde.
Tsjin Jo, o ljocht fan dizze wrâld,
bestiet gjin tsjuster dat it hâldt.

Twadde Skriftlêzing: Johannes 20, 24-31

Preek

Interludium, oargel

Belidenis fan it leauwen:

Liet 687: 3

Wy tarre op it wurd,
it brea dat God ús jûn hat,
en diele rûnom út
oant elk nij libben fûn hat.
Ferswij dit boadskip net,
mar strui mei golle hân
dit manna foar elks hert,
dit brea foar alle lân.

**een bericht van overlijden:
aansteken kaars – I.M. – moment van stilte**

Zingen lied: Psalm 107:14

Als gij zijt aangekomen
en 't anker vallen laat,
zing mee het lied der vromen,
hoor hun beproefde raad:
God die de wereld schiep
gaf u de goede rede,
loof Hem die 't water riep
en op de zee kan treden.

Danke en bidde, Ús Heit

Sjonge: In spyltúch bin ik (Fedde Schurer)

op 'e meldij fan Liet 751

In spyltúch bin ik yn Gods hân,
ik sjong fan frede en ljocht
en de démoedigen yn it lân
bring ik in bliid berjocht.

Ik sjong, ik sjong, foar rap en rût
yn dizze goudne moarn:
o minsken, strûp jim foppen út
en lûk de feestklean oan.

Ik sjong it wurd oer berch en dún
fan libben en behâld –
en moarn, dan romje wy it pún
en bouwe in nije wrâld.

Segen

Postludium, oargel